



DE SOARCHBUORKERIJ

(Dan maar een zorgboerderij)

In klucht fan

WILLIE VAN OENEN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE SOARCHBUORKERIJ - DAN MAAR EEN ZORGBOERDERIJ** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **WILLIE VAN OENEN** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

HARM VELDMAN; boer, sawat 50 jier, sit yn in behoarlike dip.

RINUS VELDMAN, boer, broer fan Harm, sawat 50 jier.

ALBERT VELDMAN, broer fan Rinus en Harm, sawat 50 jier, sit yn saken, sjocht op syn beide broers del.

ALEIDA VELDMAN, frou fan Albert, direktrise fan soarchsintrum 'De Geranium', autoritêr type, sawat 50 jier.

MUOIKE KO, widdo, sawat 65 jier, fleurich type, se bememket Harm en Rinus in bytsje.

ADA of ADELE VAN DER LOO, hat yn de finzenis sitten, sawat 45 jier, wol in oar leven.

SIMONE BOS, hat yn de finzenis sitten, kôget oan ien tried wei op kaugom, sawat 45 jier, moat noch ôfstân nimme fan it ferline.

PAKE BAKEMA, sawat 80 jier, ûndogens type.

PAKE PETERS, sawat 80 jier, seurderich, (*kin, mei oanpassing fan de tekst, ek as beppe spile wurde*)

MARK VAN DE BERG, projektûntwikkeler, sawat 30 jier, type snelle jonge.

DEKOR:

De keuken fan de buorkerij. Tsjin de achterwand rjochts stiet in oanrjocht mei keukenkastkes derboppe. Fierder in tafel mei in pear stuollen. Links in bank en fierder noch in strykplanke en in naaimasine. Yn it earste bedriuw is it slim rommelich. Oeral waskguod en it oanrjocht stiet fol. Rjochts is de doar nei de moaie keamer. Links de doar nei de hal. Der is gjin bel by de foardoar, mar at der ien is blaft de hûn.

EARSTE BEDRIUW

(it toaniel is leech, der stiet en leit in soad rommel. Der hinget waskguod en de tafel leit ek fol. Rinus komt muoisum op mei in Abraham. Hy is dwaande mei de lêste hân oan de pop te lizzen. Hy set dy in mûtse op en núndert der by)

RINUS: Tsjonge jonge, noch in hiele put wurk, sa'n Abraham. Fuoi! Noch even wat oan de fuotten, sa. It wurdt al wat. *(hy rint in eintsje by de pop wei om it resultaat te besjen)* Sa, Harm, do sitst der kreas by. Noch kreazer as datst yn 't echt bist. Hy sil wol opsjen aansjen. In Abraham yn de tún! Wa wit fleuret hy der wat fan op. Hy is sa brommerich de lêste tiid. Sa, wat stoel sil ik es nimme? *(pakt in stoel en hat de leuning yn de hân)* No, dy hat syn bêste tiid ek hân, krektlyk as Harm. Ha, ha. Fyftich jier, tsjonge jonge. *(hy bringt de stoel nei bûten)* Sa, no do sels noch Harm. *(hy bringt de pop nei bûten)* No noch even in gedichtsje der by. *(hy pakt in boerd en in filtstift, tinkt nei)* ...Hjir sit Harm, al in heale ieu. Nee, dat kin net. Eh... Harm is de namme fan dizze pop, hy hat de measte ierdappels al op. Nee, dat is ek net aardich. *(tinkt wer)* Fyftich jier... fyftich jier... Ja, dat is 't. *(hy skriuwt daliks)* 'Fyftich jier, dat is doch prachtich, noch tritich jier, dan bist al tachtich!' Tsjonge, it rymt ek noch. Sa, no gau dat boerd der by sette want hy sil sa daliks wol fan 't bêd komme. It is hast tsien oere. *(ôf)*

HARM: *(op, yn in âld stikkene pyama, it hier rjochtoerein, gappet, skobbet)* Pffff... ik bin wurch fan 't sliepen. Hoe let is 't? Noch gjin tsien oere? Fuoi, wat betiid. *(skoot wat rommel oan kant, leit de holle op de earmen en wol fierder sliepe. De hûn blaft)* Dy hûn ek altyd. Koest! Lummel! *(hy rint nei it rût)* Wa komt dêr no wer oan? Ferdoarje! Der sit in keardel yn de tún. Wat krije we no? Pak 'm Lummel! Toe dan, byt 'm yn de bokse! *(docht it rût iepen)*

RINUS: *(op)* Harm! Goemoarn, jonge. Wat dochst? *(sjocht ek út it rût en laket)* No, Harm, wat fynst derfan? Moai net? En hoe fielst dy no?

HARM: *(giet sitten)* Hoe't ik my fiel? No, krektlyk as juster. Wurch! Wat moat dy fint by ús yn de tún? Is dat ien fan de kamping?

RINUS: Harm, do wolst doch net sizze datst net witst watfoar dei at it hjoed is?

HARM: Nee, dat wit ik net. Tiisdei of woansdei of sa? Hoesa?

RINUS: *(pakt Harm by de skouder)* Harm, do bist hjoed jierdei! Do wurdst fyftich! *(jout him de hân)* Harm fan herte lokwinske mei de

jierdei. En datst mar in âld keardel wurde meist! Wy meitsje der in moaie dei fan. Do wurdst mar ien kear fyftich!

HARM: (*klearret wat op*) Tanke Rinus, tanke! Dus ik bin hjoed jierdei. Wat giet de tiid doch hurd. O, mar no snap ik it. Dy keardel dêr bûten dat is in Abraham. Wa soe dy dêr delset ha?

RINUS: Dat ha ik dien Harm. Foar dy. Fynst 'm net moai? (*sjogge beide ta it rût út*) En ik ha ek noch in kadootsje foar dy. (*hellet wat út de kast*)

HARM: Ek noch in kado? Tsjonge jonge. (*pakt it út*) Dat hie net hoegen, Rinus. In treningspak! Wat moat ik dêrmei!

RINUS: Harm, hjoed begjint dyn twadde jeugd en it wurdt tiid datsto es wat oan dyn kondysje dochst. Do bist altyd wurch en dat komt omdatst net genôch beweging krijst, en dat is net sûn. Hjir, lûk it daliks mar oan. Stiet dy grif goed. Do hast de pyama noch oan. Dat kin doch met, aansen is de besite der. Sjit op! Meitsje dysels mar es moai!

HARM: No, tige tank! Mar... eh... moat ik no aansen de dyk út te draven? Dat sjoch ik noch net sitten. Mar goed, dan sil ik de bonken mar es yn dizze sek stekke. Komt der echt besite hjoed?

RINUS: Fansels. Grif wol. Wat tochtsto dan? Us brave broer Albert sil seker wol komme mei syn leave frou Aleida.

HARM: Wat in feest. Dêr sit ik no echt net op te wachtsjen. Dy ha it laitsjen ek net útfûn. No, toe dan mar, dan sil ik my mar es oanklaaie. Oars krij ik aansen wer kommentaar. (*ôf*)

RINUS: (*set wat ûnhandich de boarden en kopkes tusken de oare rommel op it oanrjocht. Der falt fan alles. Hy pakt in smoarge teedoek en faget dêr de tafel mei ôf. In soad krommen. Feit mei deselde doek noch wat stof fuort hjir en dêr en faget as lêste ek himsels noch om de holle*) Sa, dêr frist de boel fan op. Ik ha in hekel oan rommel.

MUOIKE KO: (*op, helm op, grouwe duffel oan, op mei in bosk blommen*) Ha Rinus. Bist oan 't skjinmeitsjen? No, dat kin hjir gjin kwea. Wêr is Harm? Wêr is de jubilaris?

RINUS: Ha dy muoike Ko. Moai datst der bist. Harm komt sa. Doch de jas mar út. Ik ha al kofje set. (*hellet de termoskanne ûnder in steapel wask wei. Pakt kopkes fan it oanrjocht en makket dy skjin mei deselde teedoek as niis en set se dan op tafel*)

MUOIKE KO: (*docht de jas út en set de helm ôf*) Ja, ik bin op de brommer. It is oars noch wol fris. Jim krije grif besite hjoed no't Harm fyftich jier wurden is. Sil ik dy even helpe?

RINUS: Graach! Ik bin net sa handich yn dy dingen.

MUOIKE KO: Earst dit mar even fuort. *(se pakt it waskguod byelkoar en bringt it nei de moaie keamer)* Hoe is 't no mei Harm? Is hy noch sa wurch? Wat mankearret him doch? Sa'n jongfint soe doch wat kwiker wêze moatte.

RINUS: Ik wit it ek net. Soms liket it wol as hat er leafdesfertriet. Hy hat ommers wat hân mei sa'n frommes út de stêd. Witst noch wol? Hy wol der net oer prate.

MUOIKE KO: Och ja, dat giet wol wer oer. It is no maitiid. Wy moatte mar foar wat ôflieding soargje.

HARM: *(op, sjocht muoike Ko, wol wer fuortgean, mar muoike hat him al sjoen en krûpt him oan)*

MUOIKE KO: Och, Harm, myn jonkje, lokwinske. *(se tutet him op beide wangen)* Wat bist al grut wurden. Bist no al fyftich? Oh, ik wit noch datst geboaren bist. Do wiest sa lik as de nacht. En raze datst diest! Mar do bist aardich bylutsen. Sjoch es jonge, hjir is in kadootsje fan my. *(jout it him it kado en de blommen oer)*

HARM: O, tanke muoike. Dat hiest net hoegen te dwaan. Rinus, wolsto dy blommen even yn in faas sette? *(Rinus frommelt de blommen yn in leech bierglês en Harm pakt it kado út)* Sportskuon? Dy hearre seker by dat treningspak. *(hy sjocht fan de iene nei oare)* Ofpraat spul neffens my. Jim wolle my allegear oan 't sporten ha. No tanke hear. Ik sil se yn de kast sette.

MUOIKE KO: Neat net yn de kast sette. Do slytst se mar moai ôf. Dêr wurdst wer krigel fan. *(muoike helpt mei de kofje en Rinus hellet gebakjes op)*

RINUS: Sjoch es Harm, dizze gebakjes hat de bakker fanmoarn brocht. Wat in ferrassing net? Der is ien by mei ekstra slachrjemme. Sjoch mar. Muoike, hasto dy Abraham al sjoen? Sjoch mar es nei bûten. Dy ha ik makke foar Harm. Moai net?

MUOIKE KO: *(sjocht nei bûten)* Moai hear! Sprekend Harm. De hiele dei op de stoel sitte en neatdwaan. O sjoch, do krijst noch mear besite. Dyn broer Albert. Wat sjocht dy wer soer.

HARM: *(skrikt)* Komt Albert der oan? Dat dy op myn jierdei komt. Hy sil wol gjin kadootsje meinommen ha. Dy is sa sunich as wat. Is syn frou der ek by?

MUOIKE KO: Ja, sjoch dy kakmadam es. Bergje dy mar Harm. Se sjogge beide net bliid.

RINUS: Myn skoansuster is krekt in wolk. Altyd at se deryn komt belûkt de loft. En grutsk! No Harm, do bist noch net jierdei! Oh ja, dat bist wol! Mar it sil wol net op de polonêze útdraaie mei dy beiden. *(de hûn blaft. Albert en Aleida op. Se sjogge mispriizgjend nei de rommel)*

ALBERT: Harm, lokwinske mei de jierdei. Soa, fyftich alwer, wat giet de tiid doch hurd. Aleida en ik wiene yn de buert en sadwaande komme we even del om dy te lokwinskjen.

ALEIDA: Swager, ek fan herte lokwinske mei de jierdei. Do hast it de lêste tiid seker sa drok hân datst it net oan tiid hiest om de boel wat op te romjen. Dat is ek wat at je sa je jierdei fiere moatte. Wêrom hast net in sealtsje hierd? *(jout Harm in kadootsje)*

HARM: In sealtsje hierde? It jild groeit my net op de rêch. No, gean mar sitten. Muoike docht de kofje wol. *(pakt it kadootsje út)* Oh, in pear bûsdoeken, dy komme altyd fan pas. Tige tank. Ek in gebakje?

ALEIDA: Nee, ik bin oan de lijn. Mei ik in kopke tee?

MUOIKE KO: Bûsdoeken, do? Dêr brûksto de teedoek doch foar? *(laket. Elk krijt kofje of tee en gebak. It is soms in hiele toer om in gebakje fatsoenlik út de doaze te krijen. It gebak wurdt presintearre op in fel keukenpapier)*

ALEIDA: Ha jim net fatsoenlike pantsjes en gebaksfoarkjes?

RINUS: *(hellet in grute foarke út it laad)* Hjir hasto in foarke. *(Harm yt syn spesjale gebakje sa út de hân op. Aleida ergert har blau)*

ALBERT: Harm en Rinus, wy moatte es prate. Muoike sil sa wol nei hûs wolle want der sit in grauwe bui oan de loft en se is op de brommer.

RINUS: Muoike hoecht net nei hûs en dy grauwe bui sit hjir oan tafel. Atst wat te sizzen hast dan dochst dat mar dêr't muoike by is, want muoike is in bêst mins en se wit alles fan ús. Netwier, muoike?

MUOIKE KO: Gjinn trammelant jonges. Ik romje sadaliks de moaie keamer wol even wat op, dan kinne jim dêr jûn sitte at de buorlju komme. Ik sil de hûn ek even in gebakje bringe, foar dat bist is it ek in bytsje feest. *(ôf)*

ALEIDA: De hûn in gebakje? It moat ek net mâlder wurde. Gjinn wûnder dat de boel hjir yn de nederklits sit.

ALBERT: Harm, Rinus, wy moatte es prate. Ik bin krektlyn by de boekhâlder west en it giet net goed mei de buorkerij. Dêr sjogge jim net fan op tink?

ALEIDA: It is altyd itselde lietsje.

HARM: Kinsto muoike net better even helpe?

ALBERT: Jim gean no ien kear net mei de tiid mei. Gjinn ynvestearing is gjinn foarútgong. Op it hiem is 't in binde. Der moat hjir gau wat gebeure oars ferkeapje ik de boel.

RINUS: Do ferkeapest neat. De buorkerij is fan ús alle trije. Dat ha heit en mem sa wollen. De drie gebroeders, witst noch?

HARM: En wy gean wier wol mei de tiid mei. Wy dogge alles biologysk.

ALEIDA: Biologysk? Ja, ja, de luzen binne hjir de baas. It liket hjir wol in kringloopwinkel, alles is twaddehâns.

ALBERT: No moatte jim even goed nei my harkje. Myn geduld is op. Ik ha fan alles besocht. Earst melkfee, doe mestfee, doe hinnen, keallen, geiten, ponys. It levere neat op. Allinne mar ferlies. En dy biologyske griente is ek net folle mear as in pear kistkes slaad en snijbeane oan de dyk. Gelokkich is myn eigen bedriuw hiel suksesfol mar ik pas der foar om foar jim skulden op te draaien. Ik jou jim noch ien kâns.

HARM: Moaie jierdei! Wat in geseur! Wat wolst dan, dat wy sa'n grutte bargeflet bouwe? Kom no! En jim beide moatte net oerdriuwe. Us boerekamping docht it bêst. We sitte de hiele simmer fol.

MUOIKE KO: *(rint del mei reagebol en amers)* Wat is 't hjir gesellich! *(sjongt)* O wat zijn we heden blij, Harrem is jarig, Harrem is jarig! *(ôf)*

RINUS: Wy rêde ús bêst, wy leve sober. *(nimt noch in gebakje)* Wy ha gjin lêst fan grutskens sa as jimme. Wy dogge net altyd oan de lêste moade mei. Gjin breedbyldtelevyzje, gjin djoere lúkse auto, gjin fakânsjes. Foar ús hoecht it echt net oars hear. Wy binne bêst tefreden. Mar eh... wat hast dan foar idee?

ALEIDA: Albert sit no ien kear hielendal yn de business. Hy is alhiel up to date yn de sakewearld. Op de golfbaan treft er minsken fan alluere en fan ferskate hannelsdissiplines. Lit it mar oan Albert oer. Hy barst fan de ideeën en hat in noaske foar suksesfol ûndernimmen. *(sjocht nei bûten)* Oh, sjoch, de post. Dy bringt grif kaartsjes foar dyn jierdei. Leuk! Ik helje se wol even op. Albert, do dochst myn idee wol even út de doeken no? *(ôf)*

ALBERT: Kaartsjes? Rekkens sil se bedoele. Fertel my wat! Jonges, harkje! De ienige kâns dy't jim noch ha om dit bedriuw rendabel te meitsjen, is dat we der in soarchbuorkerij fan meitsje. Dy binne hielendal yn de moade tsjintwurdich. Ik ha ek noch neitocht oer opfang nei skoaltiid, mar dat kin neat wurde mei al dy rommel hjir.

HARM: In soarchbuorkerij? Wat is dat no wer? Wy ha sa al soargen genôch.

ALBERT: In soarchbuorkerij is in soarte fan dielfunksje fan it moderne agrarysk bedriuw. Je meitsje dan gebrûk fan de romte en de lanlike omjouwing om minsken op te fangen dy't min of te mear terapeutysk dwaande holden wurde moatte. Ik ha mei ferskillende

ynstânsjes praat. Der is in soad ferlet fan deiopfang foar âlderen. De fergrizing witst wol. En de reklasearring hat ek belangstelling.

RINUS: (*skinkt nochris kofje yn*) Alderhanne frjemde minsken hjir oer de flier? Ha wy dêr wol genôch romte foar?

ALBERT: At jim de boel earst mar es opromje, dan is der romte genôch. Jim hoege fierder dy minsken allinne mar dwaande te hâlden. Oan it wurk sette en sa. Se kinne de grientetún skjinhâlde, se kinne foar de bisten soargje.

HARM: Ek ôfwaskje en itensiede? Dan liket it my wol wat.

ALEIDA: (*op*) Goh, dat jim no ek sa'n Abraham yn de tún ha. Wat ordinêr. Sjoch Harm, hjir is de post. Wol trije kaartsjes! Hast soms in nije freondinne?

RINUS: Ha, ha, in freondinne! De lêste hat him in slompe jild koste. De leafde wie samar oer doe't it jild op wie.

ALBERT: Ja, en se hat it antike horloazje fan pake ek noch meinommen. Saneamd om it taksearje te litten by Keunst en Kitsch. Noait wer wat fan sjoen. Sjoch mar út mei dy froulju.

HARM: Dat falt wol ta hear. Se hie gewoan wat problemen. Do moatst net oerdriuwe. Do wiest gewoan jaloersk, Rinus. Ik ha mei âld en nij noch in kaartsje fan har hân.

RINUS: Hy sjocht no alle wiken nei Keunst en Kitsch. Mar se hat noch net yn byld west.

ALEIDA: Do wiest sa fereale as in puber. It wie net om oan te sjen.

ALBERT: Litte we it dêr mar net mear oer ha. Jonges, dit is echt jim lêste kâns. Ik kin it hiel fluch regelje. Der is grut ferlet fan opfang foar eh... no ja, lit ik it sa sizze, opfang foar de mear problematyske soarch freegjende. Minsken dy't net oeral terjochte kinne. Minsken dy't...

HARM: No, Rinus en ik sille it der oer ha. Wy binne bêst fleksibel hear.

ALEIDA: En ferjit net dat ik as direktrise fan soarchsintrum De Geranium, jim oan minsken helpe kin dy't ferlet ha fan dy soarch. Dêr ha wy noch in moai potsje foar en sa bliuwt it jild yn de famylje. Strak plan net?

RINUS: Jim sjogge it hielendal sitten, is 't net? Wat dêr no wer achter sit. Mar goed, wy binne net te beroerd om wat nijs oan te pakken.

MUOIKE KO: (*op*) Sa, de keamer is al hast klear. Noch even mei de stofsûger dertroch en dan meitsje ik noch wat lekkere hapkes foar jim. Dan kinne jim jûn wol besite ha. Jim ha doch wol wat yn 'e hûs?

RINUS: Jaseker, ik bin nei de supermerk west. Ik ha leverwoarst kocht, tsiis, augurken, boaterhamwoarst, droege woarst en sâlte apenuten. En der binne by't soad hinne-aaien.

ALBERT: Wat âlderwetsk. Ik ha mei myn lêste jierdei in High Tea jûn. Dat is hielendal yn.

HARM: (*oerein*) Dat is no echt wat foar dy, al dy liflafkes. Mar do dochst mar. It is my allegear bêst. High Tea, in soarchbuorkerij, do besjochst it mar. Ik sil sa noch even in knipperke dwaan, want jûn sil 't wol let wurde mei al dy buorlju op besite.

ALBERT: (*nitelich*) Nee, do bliuwst hjir. Knipperkes oerdei is wat foar âlde minsken. Wy moatte sa wer fuort, ik ha noch in belangrike fergadering. Ik kom dizze wike del om te hearren wat jim der fan fine. In soarchbuorkerij is wat, dat hjir bêst oanslaan kin at jim meiwurkje. Tink der wol om dat it jim lêste kâns is. At der net mear jild yn 't laadsje komt, wurdt de boel ferkocht en sille jim wurk sykje moatte. (*oerein*) Ik hear noch fan jim. In noflike dei fierder. Kom, Aleida, giest mei? (*beide ôf*)

RINUS: Wurk sykje? Wy ha wurk by de rûs. En wa wol ús no ha? Wy ha net iens diploma's.

MUOIKE KO: (*snijt tsiis yn stikjes*) Dat se dêr no op dyn jierdei mei oankomme moatte. Mar sûnder gekheid jonges, ik tink dat se wol gelyk ha. En sa'n soarchbuorkerij liket my wol in goed idee. Ik wol jim dêr bêst mei helpe. Liket my moai wurk.

HARM: Wat moatte we dan útfine mei dy âldsjes?

MUOIKE KO: Rinus, do seist krekt dat jim gjin diploma's ha. No, dat kin noch altyd. In mins kin altyd in kursus folgje of in oplieding dwaan. Je binne noait te âld om te learen. At je mar wolle. Ik mocht ek net trochleare want ik moast daliks nei de legere skoalle oan 't wurk. Mar ik ha no krekt in hiele moaie kursus folge.

RINUS: (*snaait fan de tsiis*) No, wat dan? In kompjûterkursus?

MUOIKE KO: (*giet sitten*) Nee, dat kin ik al lang. (*grutsk*) Nee jonges, ik bin sûnt koart diplomearre terapeute. Ik ha in kursus fuotsoalrefleksterapy dien. Dêr kin ik dy âlde minsken moai mei foarút helpe. Dat is oeral goed foar.

HARM: Wat is dat no wer? Fuotfytfslekssoalterapy?

MUOIKE KO: Witst net wat dat is? No, ik sil it dy wol even demonstrearje. (*strûpt de mouwen omheech*) Doch de sokken mar even út. Do krijst in fergeze behanneling fan my omdatst jierdei bist!

HARM: Ikke?

MUOIKE KO: Do ja, kom hjir mar. Gean mar op de bank lizzen. Toe dan! Sjoch, ûnder de fuotten hast allegear drukpunten. At ik dan op it goede plakje druk, dan knapst dêr ergens oars fan op. (*krijt Harm stevich beet en twingt him min of te mear op de bank. Hy akselt tsjin*) Sa, no de sokken út. Je kinne oan de fuotsoallen fan ien sjen oft hy goed yn syn fel sit. (*skrikt*) Mar Harm jonge, wat hasto in

smoarge fuotten! Ik kin dyn fuotsoallen hast net iens fine. Dy moatst earst waskje.

RINUS: Hjir, de teedoek.

MUOIKE KO: Neat gjin teedoek. Do moatst dy skamje. Do dochst alles mei dy teedoek.

HARM: (*sjocht nei de fuotten*) Binne dy smoarch? Dat falt wol ta doch? Ik ha se mei de kryst noch wosken. Ik waskje se altyd mei de kryst. Noadich of net noadich.

MUOIKE KO: Do waskest earst dyn fuotten. Sa wurdt it neat. Earst mar es goed ûnder de dûs do. Do krijst doch besite? Kreezje dysels mar even goed op. En at jim aansen dy soarchbuorkerij ha, dan moatte jim ek skjien en fris wêze. Jim sitte dan op 't lêst yn de soarch.

RINUS: Ja, de thússoarch. (*oerein*) No, ik sil mar even nei bûten. Es even sjen wat dy kliïnten fan ús aansen dwaan kinne. (*draait him om by de doar*) Ik sil in bedriuwspan meitsje. Ja, dat doch ik.

HARM: Dan sil ik even ûnder de dûs. Ik ha wol yn de gaten, der komme grutte feroaringen. En dêr hâld ik net fan. (*draait him om by de doar*) Wêr binne dy kaarten eins dy't de post krekt brocht hat? O, hjir, dy sil ik even rêstich besjen. (*ôf, muoike giet ôf mei de tsiis. It toaniel is even leech*)

ALBERT: (*op, mei projektûntwikkeler Mark van de Berg*) Dat ik dy hjir no krekt tref, keardel. Ik seach dy hjir omriden. Wat tafallich sis. Kin ik dy ergens mei helpe?

MARK: Ja sis, hiel tafallich. Ja, ik seach wat om my hinne hjir yn de buert. Altyd skerp op nije objekten fansels. Ik sit no by Napoleon Projektûntwikkelaars BV. Hiel dynamysk bedriuw. Moatst harkje, ik bin hjir yn opdracht fan in golfklup, 'Black Money', út Ljouwert. Se wolle graach in nije golfbaan oanlizze yn in moaie lanlike omjouwing. Witsto hjir net wat te keap? It is hjir prachtich. Bist hjir bekend?


ALBERT: (*sjocht om de hoeke fan de doar oft it feilich is*) Jaseker bin ik hjir bekend. Dus do sitst no by Napoleon? Hiel ferneamd bedriuw, net? Ynteressant sis, en in nije golfbaan noch wol. (*slacht him op de skouder*) Kinne we faaks tegearre noch in baltsje slaan, ha, ha.

MARK: Seker keardel. (*teart in kaart út op tafel*) Sjoch, hjir ha ik in detaillearre kaart fan de omjouwing. Spitich dat hjir krekt dizze buorkerij stiet, mar hy sjocht der net al te rendabel út en de natuer is prachtich. Sil wol beskerme wêze. Mar ik sjoch hjir wol mooglikheden. Sjoch, dy boerekamping soe bliuwe kinne, mar leaver ha we fansels in bungalowpark mei lúkse resorts. En dan lizze we hjir in parkearplak oan en...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto